

moetings tusken twa kultueren

FD 7/3 2001

Om it fakânsjegefoel noch wat langer fêst te hâlden, kocht ik in tiid lyn de bondel *Alde Spoaren* (2000) fan Douwe Kootstra. It wie de earste kear dat ik yn 'e kunde kaam mei de reisferhalen fan Kootstra en dat foldie poerbêst. In wike lyn stie ik yn 'e boekhannel mei in grouwe steapel Fryske boeken. Ik wie, as Fries-om-utens net op 'e hichte fan it tiidstip fan 'e Fryske boekewike en wie dan ek bliid ferrast doe't ik nei it ôfrekkenjen it boekwurkje *Berjochten út Boedapest* fan Kootstra derop ta krige.

YVONNE DYKSTRA

De titel *Berjochten út Boedapest* seit al in protte oer de ynhâld; Kootstra reizge yn 'e perioade 1981-2000 in tal kearen nei de Hongaarske haadstêd. Eins begjint it ferhaal al yn 'e jierren tweintich as in busfol 'honger'bern út Hongarije yn Arum oankomt. It famke Magda komt telâne by boer Pieter Yetsenga. Yn '66 siket hja op 'e nij kontakt mei Fryslân. Boer Yetsenga en syn frou binne dan al lang ferstoarn, mar mei syn omkesizzer Renze hâldt Magda skriftlik kontakt. As Douwe Kootstra yn 'e jierren tachtich nei Roemenië en Hongarije reizget mei syn frou, kriget er har adres mei fan syn freon Renze. Magda blykt gastfrij foar har Fryske freonen en oant 1995 ta hâlde hja bliuwe hja skriuwen.

De brieven fan Magda hat Kootstra ferwurke yn in moai gearhingjend reisferhaal. Syn ferhaal is beskriuwend genôch om in byld te jaan fan de tydsgeest: heal-lege winkels, oernachtsje yn in steatshotel en trabantsjes yn alle kleuren (in pear jier letter sels mei in stjoerslot!?) Mar miskien noch wol aardiger is dat de lêzer al lêzende meireizget mei 'der Douwe' en syn frou Romkje. Dat leveret moaie plaatsjes op, lykas dy kear yn Roemenië, as Romkje treinkaartsjes keapje sil: 'Om't ús wearden en noarmen aardich oan-

past binne by dy fan it gastlân, giet Romkje mei in brede smile daliks safolle mooglik foaroan stean. (...) It loket giet in kertier te let iepen. Daliks brekt de hel los. De massa begjint te triuwen en te lûken. Myn frontfrou rekket der hast ûnder, mar ta myn fernuvering sjoch ik har even letter opdûken oan de goeie kant fan de kleaune'. Ek mei de noadige selsspot wurdt de besite oan it âldste badhûs fan Boedapest optekene. Stomtafallich is it krekt dy deis manljusdei en 'daliks falt my op dat hast alle manlju twa oan twa sitte en hieltyd erchtinkend achterom sjogge nei de badmaster'. Troch ditsoarte fan sênes bliuwt it yn *Berjochten út Boedapest* net allinnich by in beskriuwing fan de reis, mar komme de reizigers ta libben. It is Douwe Kootstra hiel aardich slagge om syn reisûnderfiningen yn Boedapest en it ferhaal fan Magda troch de rin fan de skiednis hinne te flechtsjen. *Berjochten út Boedapest* is in presintsje fan Stichting it Fryske boek dat de muoite wurdich is en it is dêrom skandde dat der net mear reklame makke wurdt foar de Fryske boekewike.

Berjochten út Boedapest, Douwe Kootstra. Ljouwert, 2001. In útjefte fan Stichting It Fryske Boek foar de Boekewike 2001